

Frysk yn it bûtengewoan ûnderwiis —

Doe't op 27 juny 1973 de minister fan Underwiis en Wittenskippen de 'Projektgroep invoering Fries als verplicht vak op de scholen voor gewoon lager onderwijs in de provincie Friesland' ¹ ynstallearre, tochten party minsken, dat de feroaring yn de 'Lager Onderwijswet 1920' ek hold foar it bûtengewoan ûnderwiis. Faaks mei hjirtroch hat de saak fan it Frysk yn it bûtengewoan ûnderwiis te min omtinken hân. Kêst 70 fan de Leger-Underwijswet 1920 neamt lykwols de artikels, dy't fan tapassing binne op it bûtengewoan leger ûnderwiis en dêr is kêst 2 — dat de ferplichte fakken neamt — net by.

Dochs kin boppeneamd rapport — yn 'e wannel ek wol it 'rapport Sinnema' neamd — foar it bûtengewoan ûnderwiis (b.û.) fan betsjutting wêze. Foar it earst wurdt dêryn dúdlik útsprutsen, dat it ûnderbringen fan it Frysk by de ferplichte fakken foar it leger ûnderwiis yn Fryslân sjoen wurde moast as in "... ondersteuning voor het functioneren van het Fries onder erkenning, dat de Friese cultuur zich binnen het Nederlandse cultuurgebied primair door de Friese taal manifesteert" (p. 6).

Konstatearre wurdt, dat yn Fryslân in ûntjouwing geande is, wêrby't it Frysk en it Hollânsk hieltiten mear njonken inoar brûkt wurde, sawol op offisjeel maatskiplik nivo as op dat fan húshâlding en doarpsmienskip. Der is binnen de Fryske twatalichheidssituaasje in ûntwikkeling geande tan in ûnderhearrige posysje fan it Frysk nei in mear lykweardige (p. 9).

It folgende kin yn dat ramt signearre wurde:

- Lytse taal- en kultuermienskippen krije nije ympulsen. De oerheidssoarch foar it Frysk nimt ta.
- Yn bûten- en ek binnenlân nimt de ynteresse foar twatalige gebieten en situaasjes ta. De literatuer op dat mêd waakst hurd oan.
- De belangstelling foar de memmetaal as medium yn it ûnderwiislearproses as betingst foar optimale ûntjouwingsmooglikheden foar it bern wint hurd oan.

Soks hat syn wjerslach op it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis. It kin hast net oars of de filosofy fan it rapport Sinnema en de kommende ferplichting foar it lêger ûnderwiis sil trochwurkje op it bûtengewoan ûnderwiis. Sûnder de nedige wetlike foarsjennings sil dat lykwols net kinne. It omtinken, dat it Frysk op dit stuit binnen it b.û. kriget moatte we net te optimistysk oer tinke.

Fan 'e miet ôf oan binne teminsten twa mominten te ûnderskieden yn it ûnderwiislearproses. Dizze twa aspekten kin men ûnderskiede, nea skiede. Wy wolle dy hjir oantsjutte as it:

- pedagogysk momint,
- kultureel momint.

Oare beneamingen binne tinkber ².

Pedagogysk momint

Frysktalige bern sille harren it bêst ûntjaan as men oanslút by en fuortbout op de eigen taal. Foaral yn b.û.-situaasjes, dêr't de yntellektuele mooglikheden fan it bern yn in protte gefallen beheind binne, spilet dit in grutte rol. By bern, dêr't de ûntwikkelingsmooglikheden it sterkst fan bedrige wurde of it sterkst ôfwikend binne is de needsaak it meast driuwend. Boppedat bliuwt in hiel grut part fan de bern, dat bûtengewoan ûnderwiis kriget, yn har letter libben tichte by har oarspronkelike wensituaasje.

Sa beskôge soe b.g. foar Frysktalige ymbesile en debile bern it Frysk fiertaal wêze moatte. It Hollânsk soe as fak der njonken op it twadde plak komme. As de mooglikheden fan in bern grutter binne, kin ek it Hollânsk in grutter plak krije. Der ûntsiet gjin kleau tusken de wrâld fan it bern thús en de wrâld fan de skoalle. De ûntjouwing fan de eigen taal wurdt net ferbrutsen, ôfsnien, mar krekt oarsom: útboud, fuortsterke. Soks is winst foar it tinken. Foar it Frysktalich bern betsjut dit, dat de kulturele feardichheden (lêzen, skriuwen en rekkenjen) oanbrocht en oefene wurde troch de memmetaal as ûnderwiismedium te brûken.

De saneamde 'twatalige skoalle' yn Fryslân hat op it mêd mear as in fearnsieu ûnderfining opdien. It liket wol oft dy ûnderfining foarby giet oan it b.û. Foar alteast in part fan de bern op ferskate foarmen fan b.û. soe dit in hiel gewoane saak wêze kinne. It is hiel min yn te sjen, dat de pedagogyske útgongspunten fan in (fleksibel) twatalich ûnderwiis net jilde soene foar in grut tal bern fan dizze skoalletypen.

Harren begjinsituaasje is net minder ôfwikend — ek wat it ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk oangiet — as foar bern fan it g.l.û. Earst as frysktalige bern in beskate feardigens berikt hawwe yn de basistechniken, soe men der oan tinke kinne it Hollânsk in (grutter) plak te jaan.

Wy sjogge it brûken fan it Frysk as fiertaal by û.o. lêzen, rekkenjen, skriuwen en wrâldferkenning by dizze bern as in betingst foar in goed trochlibjen (emosjonaliteit) en konkreet ferwurkjen (rationaliteit, kognitiviteit) fan taal. Ek it Hollânsk hat dêr profyt fan as it ier of let oan de oarder komt.

Wy binne fan betinken dat as in learkrêft yn it b.û. op dit terrein neat hat om by te setten, hy of sy dizze bern slim tekoart docht. Der binne yndied learkrêften dy't net by steat binne en brûk wat oars as it A.B.N., ek yn it b.û.

It lit him tinke, dat der — lyk as by it g.l.û. — by it b.û. grut ferlet is fan in applikaasje-kursus. In ûnderwizer by it b.û. hat út soarte op it gebiet fan it Frysk en de twataligens net minder kennis fan saken fanneden as in kollega by it g.l.û. (aanst) hawwe moat ³.

Kultureel momint

Underwiis fynt nea pleats yn in kultureel loftliddich. Untwikkeling hat altiten pleats oan en troch eat of immen.

gewoan?



It is net likefolle wat der oan kultuer ta de skoalle hydroegen wurdt. De fraach: *hoe* jou ik myn lessen, *hoe* leare de bern, is wichtich. Like wichtich is: *wat* jou ik yn myn lessen, *wat* leare de bern.

It probleem fan it 'wat' de 'ynhâlden', is wol ris wat fersleauke yn it ûnderwiiskundich tinken ⁴.

Sa soe de libbenswize(n) en de libbensstyl fan de mienskip in rol fan betsjutting spylje moatte yn it ûnderwiis. Oars ûntstiet der in brek tusken skoalle en mienskip. Men kin dan sprekke fan kulturele ferfrjemding. Troch it yn de skoalle bringen fan in s.n. 'algemien', of leaver in 'randstedelijk' kultuurpatroan, sûnder acht te slaan op 'spesifike', of better it 'eigene' is de skoalle foargoed op de ferkearde wei.

It wichtichste elemint fan de Fryske kultuer is de taal. Foar it grutste part fan de Friezen is dat it Frysk. It b.û. moat noch in *begjin* meitsje om foar in ferskaat oan situaasjes methodiken en ynhâlden te ûntwikkeljen. Dochs soe der no al begûn wurde kinne mei in better gebrûk te meitsjen fan wat der is: der is lêse- en taalmateriaal, der binne skoalleradio- en teleboerdlessen mei bûtengewoan aardige ferwurkingsstof, der komme hieltiten mear taalprojektsjes. It Mienskiplik Sintrum foar de

Underwiisbegeliedingstsjinsten kin al hiel wat sjen litte. Troch it Afûk-learmiddelfûns komt der hieltiten mear aardich en tige brûkber materiaal op de merk.

Wy hawwe earder opmurken, dat pedagogyske en kulturele mominten yn it ûnderwiislearproses net maklik binne te skieden. It ûnderskieden fan pedagogyske en kulturele wearden kin lykwols in sinfolle saak wêze.

Sa wie yn 1950, doe't de proefnemmingen begûnen mei de 'twatalige skoalle' it motyf foaral fan pedagogyske en ûnderwiiskundige aard: fia de wei fan it Frysk de bern



(better) liede nei it Hollânsk. It plak fan it Frysk bleau beheind omdat it inkeld oant yn it tredde learjier as fiertaal brûkt wurde koe. Yn dy tiid koe dan in grûnslach lein wurde foar de kulturele basistechniken (wetswizinging 1955).

Goed beskôge waard it Frysk hjir brûkt as in (fakultative) 'opstap' nei it Hollânsk.

Foardat dit ûnderwiistype fan de grûn kaam, moasten der hiel wat — faak ûnnedich hege — drompels nommen wurde. Boppedat waard ûnder de letter w it Frysk as fak in tige beskieden, fakultatyf plakje gund yn dy snuorje.

Dat wie al wer wat mear as yn 1937, doe't de wetjouwer eangst hie it Frysk by namme te neamen.

Ut de fakultativens fan sawol fiertaal as faktaal mei men konkludearje, dat de wetjouwer gjin earnest makke mei it Frysk. Neat dwaan oan Frysk wie sanksionearre, ek yn de s.n. 'twatalige skoalle' nei it twadde learjier. It eigen 'taalskip' fan it bern koe rêstich ferbaarnd wurde, as de skoalle dat woe. Amerikaanske saakkundigen neame dat net ûnaardich de 'burnt bridges approach' ⁵. De memmetaal hat op in bepaald stuit ôfdien yn de skoalle. Dit model — it foarby gean oan de memmetaal (i.c. it Frysk) — kin men yn formele sin tsjinkomme by it b.û.: der is gjin frijheid fan fiertaal en as fak kin it Frysk op syn heechst jûn wurde op fakultative basis. Elts yn Fryslân wit sa njonkenlytsen, dat dizze situaasje foar it g.l.û. oan it feroarjen is.

De wetlike basis foar de ynfiering fan it Frysk as ferplichte fak (yn 1981) waard lein troch de wizinging fan de 'Lager Onderwijswet van 1920' (Wet fan 25 april 1974; Staatsblad 271) yn kêst 3: '... Voor scholen in de provincie Friesland omvat het leerplan het vak in artikel 2 genoemd onder w.' (w is Frysk, S.T.H.)



Boppedat joech it twadde lid fan kêst 3 it Frysk as fiertaal tenei frij (per 1 jannewaris 1975): "Daar, waar naast de Nederlandse taal de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan het leerplan bepalen, dat de Friese taal of die streektaal mede als voertaal bij het onderwijs wordt gebezigd."

Hjirmei binne de skerpste kantsjes wat ôf fan it assimilaasjemodel (op syn bêst it Frysk op skoalle as 'opstap' nei it Hollânsk). It Frysk as fak sil op de legere skoalle net ûnder in te ferdigenjen minimum út komme meie. It semint is lein foar it Frysk om in 'hoekstien' te wurden yn it g.l.û. It semint foar sa'n hoekstien moat yn it b.û noch lein wurde.

Ut it foargeande is sa njonkenlytsen dúdlik wurden, dat by it g.l.û. nêst it pedagogysk en ûnderwiiskundich motyf fan 1950/1955 (start twatalige skoalle) yn 1974 dúdlik in oar motyf kaam is: it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer. It ryk begjint in stik ferantwurdlikheid te oanfurdzjen foar de eigen aard, taal en kultuer fan Fryslân, ek yn it ûnderwiis.

Winsklike feroarings

Op dit stuit binne yn ús provinsje in achttal

b.l.û.-skoalletypen relevant: skoallen foar bern mei in spraakgebrek of in min gehoar, lichaaamlik gebrekkigen, bern mei lear- en opfiedingsswierrichheden, debilen, ymbesilen, sykliske bern, skippers- en wenweinbern. Dochs sil in wiziging fan b.g. it 'Besluit buitengewoon onderwijs 1967', dêr't it bûtengewoan ûnderwiis yn regele wurdt, in algemien karakter hawwe moatte.

In skoalle foar bûtengewoan ûnderwiis kin yn de measte gefallen bestean út mear as ien ôfdieling. It earder makke ûnderskied tusken it pedagogysk-didaktysk aspekt en it kultureel aspekt fan it Frysk op skoalle kin by it besprek fan de wat yngewikkelde struktuer fan it b.û. sin ha. Wy wolle dat hjirûnder besykje.

Ofdielings

De skoallen foar elemintair bûtengewoan ûnderwiis hawwe op syn minst in s.n. kearnôfdieling. Oant op sekere hichte binne dizze ôfdielings by it grutste part fan de skoallen te fergelykjen mei in legere skoalle. In grut part fan de bern sil lykwols muoite hawwe mei it programma fan in legere skoalle.

It fak Frysk kin neffens de hjoeddeiske regeling fakultatyf jûn wurde.

Lykas earder by it g.l.û. giet it Frysk der dochs faak ûndertoch: it wurdt net jûn, omdat der te folle tûkelteammen binne. Yn 'it frije spul', fan alle mooglike krêften moat it Frysk gauris belies jaan. It âlde libetêr-naturalistyk laisser-faire begjinsel slacht foar master op. Dit begjinsel sil foar it b.û. ferlitten wurde moatte.

As earste stap soe men it brûken fan it Frysk as fiertaal frijjaan kinne. Op 'en doer hâldt dat lykwols te min garânsjes yn foar in optimaal brûken fan sa'n

frijbliuwende mooglikheid. Tal fan krêften en oarsaken kinne dit opkeare. We sille dus ta moatte op in 'minimum regeling ferplichting fiertaal'. De bern leare der net minder om. Krekt oarsom. Tal fan ûnderwerpen liene har der tige ta om it Frysk as medium fan (kennis-)oerdracht te brûken. Yn b.g. Wales hawwe hja der goede ûnderfinings mei.

De regeling foar it Frysk as faktaal kin al hiel maklik feroare wurde. It kin by de measte skoaltypen de regeling folgje dy't ek foar it gewoan leger ûnderwiis jilde sil yn de neiste takomst.

De ferhâlding fan it Frysk ta it Hollânsk wurdt hjir minder ûngelikens, minder ûnderhearrich. Der ûntstiet twatalich ûnderwiis, dat dy namme fertsjinnet. Der binne rjochten, dy't reële plichten meibringe.

Foar skoallen foar ymbesile bern of bern, dy't op dat nivo funksionearje, is in fiertaalregeling fan mear belang as in faktaalregeling, omdat it tal fakken dat perfoarst jûn wurde moat tige lyts is.

Gearfetsjend:

Needsaaklike feroarings binne:

- It Frysk komt by de foarskreaune fakken. Wiziging 'Besluit buitengewoon onderwijs 1967' (de art. 37, 43, 50, 63, 70, 76, 82, 89, 95, 114, 120, 127, 134, 148, 154, 162).
- Slutende wetlike minimum regeling foar it Frysk as fiertaal.

Yn de measte gefallen kin oan in skoalle foar elemintair bûtengewoan ûnderwiis in ôfdieling 'zeer jeugdigen' foarkomme. Op sa'n ôfdieling kin men ek bern fan trije jier fine. Oant op sekere hichte is in ferliking mei in gewoane beukerskoalle mooglik.

Op 'en doer sille wy ek dêr net oan in fiertaalregeling ûntkomme kinne. Uneigentlike faktoaren — lykas in te min oan kapasiteiten fan de liedster om it Frysk as fiertaal te brûken — sille it rjocht fan it bern op in goede ûntwikkeling fan de memmetaal net yn 'e wei stean meie.

Der binne noch altiten wûnderlike tastannen op dat terrein. De foarming fan de memmetaal hâldt dan by de doar fan de skoalle op. Nammerste earder as de Frysksprekkende bern in minderheid foarmje. Yn lêstneamde situaasje sille fleksibele wurkfoarmen nedich wêze om beide talen har gerak te jaan.

Applikaasje-kursussen, dy't dêrop rjochte binne sille nedich wêze, ek foar de liedsters by it b.û.

Oan somlike skoallen fynt men noch oare, bysûndere ôfdielingen, b.g. in ôfdieling foar slim spraakgebrekkigen, foar motoarysk en yntellektueel handikapt, foar net oanpaste beukers, ensfh. Krekt as by de beukers sil dêr haadsaaklik in fiertaalregeling fan betsjutting wêze. Ek hjir meie tafallige faktoaren der net ta liede, dat it Frysk ferwurdt ta 'wegwerpartikel'.

De lêste ôfdieling, dy't wy neame wolle is dy foar 'voortgezet buitengewoon onderwijs' ('v.b.o.'). As wy der fan útgeane, dat oer net al te lange tiid by it reguliere fuortset ûnderwiis it Frysk yn de basistabellen (dy't de foarskreaune fakken neame) opnommen wurdt, dan soe dat foar in v.b.o.-ôfdieling fan in skoalle foar b.û. yn Fryslân al hiel maklik kinne, omdat der navenant in bytsje bern by betruksen binne.

Op it stuit kin op fakultative basis Frysk as fak op it roaster set wurde. By myn witten wurdt dêr nearne yn Fryslân gebrûk fan makke. Ek hjir soe de mooglikheid skepen wurde moatte it Frysk as fiertaal by oare fakken te brûken. Dat kin sûnder skea te dwaan oan de ynhâld fan dy 'oare' fakken. Ommers in taal allinne by ien fak funksionearje te litten is hast itselde as dy taal net funksionearje te litten. It soe der mei it Hollânsk net al te bêst foar stean, as men it beheinde ta b.g. in oerke by it fak 'Nederlands', sûnder romte te litten it ek by oare fakken as fiertaal te brûken.

In minimum-regeling Frysk as ferplichte fiertaal fertsjinnet tige ús omtinken. Yn de útwurking fan it fiertaal-begjinsel kin b.g. Wales ús wer in foarbyld wêze ⁶.

No't de earste stappen by it g.l.û. set binne, moat it mooglik wêze ek foar it Frysk yn it b.û. te kommen ta in kontinue learplanning foar it Frysk, ta in slutend gehiel fan ûnderwiisfoarsjennings.

Dispensaasjeregeling?

By de ferplichte ynfiering fan it Frysk op de legere skoalle kinne yn somlike gefallen Deputearre Steaten — as der driuwende arguminten ta binne — beslute foar in pear jier ûntheffing te ferlienen fan it jaan fan Frysk as fak. Yn de tuskentiid moat de skoalle fansels wol besykje de swierrichheden, dy't ta de ûntheffing laat hawwe, te ferhelpen. Dizze regeling soe ek foar it b.û. jilde kinne yn Fryslân.

In oare oplossing is lykwols tinkber. It b.û. ken al in frijstellingsregeling (kêst 4 fan it Besluit b.o. 1967) ⁷, nammentlik in ûntheffing per bern. As dizze regeling tapast wurdt is in ûntheffing per skoalle oerstallich. It foechhawwend gesach fan in skoalle kin op grûn fan goede arguminten de ynspekteur om frijstelling fersykje foar in part fan de bern. Dizze dispensaasjeregeling liket ús it gaadlikst.

Begelieding en weroplieding

It b.û. sil by de ynfiering fan it Frysk as fier- en/of faktaal net sûnder stipe kinne. Dizze stipe sil b.g. komme moatte fan:

- It Mienskiplik Sintrum foar de Underwiisbegeliedingstsjinsten yn Fryslân.
- De Sintrale Kommisje Frysk. Dizze kommisje koördinearret de aktiviteiten om de ynfiering fan it Frysk op de legere skoalle hinne. De taak fan dizze kommisje sil ferbrede wurde moatte ta it b.û.

- De eksterne wurkgroep 'Frysk' fan de lannelike 'Commissie Modernisering Moedertaalonderwijs'. Dêr sil stipe wei komme moatte foar in fundamintele learplanûntwikkeling foar fak- en fiertaal Frysk yn it b.û.

Fierder kinne faaks de 'kommisje Baaijens', dy't har dwaande hâldt mei de yntegraasje fan beuker- en basisûnderwiis, en 'de Centrale Werkgroep Moedertaalonderwijs' fan de 'Werkgroep Plaatselijke Regionale Onderwijsbegeleiding' (W.P.R.O.) goede tsjinsten ferliene.

Yn dy snuorje sil tocht wurde moatte oan in applikaasjekursus Frysk, organisearre troch de pedagogyske akadeemjes. De ferline jier ûntwikkele kursusmodellen en leargongen sille oanpast wurde moatte oan de spesifike easken dy't it b.û. yn Fryslân stelt. Tal fan eleminten út de leargongen ûntwikkele foar ûnderwizers en beukerliedsters binne ek brûkber foar it b.û.

Detaillearre omskriuwingen fan doelstellingen en ynhâlden kinne en wolle wy ús net oan weagje. Op dit terrein sil it b.û. in eigen tradysje ûntwikkelje moatte.

Ta beslút

Wy wolle dizze skôging beslute mei de winsk dat op koarte termyn de wegen fûn wurde om troch in *polityk* prinsipebeslút it *laissez-faire* begjinsel foar it Frysk yn it b.û. falle te litten.

Sytze T. Hiemstra.

Noaten:

1. *Rapport van de Projectgroep Invoering Fries als Verplicht Vak op de Scholen voor Gewoon Lager Onderwijs in de Provincie Friesland*. Den Haag, Staatsuitgeverij, 1975.
2. Sjoch b.g. W. Klafki. *Studien zur Bildungstheorie und Didaktik*. Weinheim, 1963, pp. 25-46.
Ek: E. De Corte et al. *Beknopte didaxologie*. Groningen, Wolters-Noordhoff, 1972, pp. 13-15.
3. Fgl. Applikaasjekursus Frysk, leargong 1976-'77. *Ynformaasjelessen*, H.B.D. Den Haach. Van der Ems, Easterein.
Yn dizze lessen wurdt frijwol gjin omtinken jûn oan taalkennis en taalkunde. It doel fan de kursus is te iensidich rjochte op it gearstallen fan in skoalwurkplan. Men kriget dan ûnderwizers dy't har eigen skoalwurkplan net yn it Frysk skriuwe kinne.
4. W. Klafki. 'Didaktische Analyse als kern der Unterrichtsvorbereitung' (1958). Yn: *Studien...*, pp. 126-153.
5. R. Kjolseth. 'Bilingual Education Programs in the United States: For Assimilation or Pluralism?' Yn: B. Spolsky (ed.). *The Language Education of Minority Children*. Rowley (Mass.), 1972, pp. 94-122.
6. T. R. Edwards. 'Welsh in education'. En: K. Boelens. 'Twaalich ûnderwiis yn Wales'. Yn: *Paedwizer nei Wales*, It Beaken, 36, pp. 58-100.
7. *Besluit Buitengewoon Onderwijs 1967*. 's-Gravenhage, Staatsuitgeverij.